# DE TREFFER

JIERGONG 56-1 OKTOBER 2025

S.D.S.




Foto: Henk Bootsma

Oan it wurd

*Douwe Posthuma*

In fruitmandsje bringe by

*Mark Postma*

Keeperpraat

*Arnout Meijer*

**Fjierders yn dit nûmer u.o.**

- *Nije trefferredaksje?*
- *Fan de feestkommisje*
- *Melle Terpstra by sc Cambuur*
- *Hoe is it mei Tjomme Wijnia*

# De Treffer

Foto's foarside Treffer: Henk Bootsma

klupblêd fan fuotbalferiening SDS

**Jiergong 56 nûmer 1** **oktober 2025**

| **Redaksje:** | **Adres:** | **tillefoan:** |
|---|---|---|
| Metsje Huitema | Swingoerd 33, 8731 CV Wommels | 0515-333295 |
| Willem Wijnia | De Homeie 27, 8731 EC Wommels | 0515-331444 |
| In tiener? | | |
| In tweintiger? | | |
| In tritiger? | | |
| In fjirtiger? | | |
| 'Fêste' stikjesskriuwer; Aant. | | |

**Webside-redaksje:**

Aant Hofstra: aant@vv-sds.nl
Willem Wijnia: willem@vv-sds.nl

| **Bestjoer:** | | **tillefoan:** | **funksje:** |
|---|---|---|---|
| Helga Develing | Heechhiem 1, 8734 GS Easterein | 06-52628565 | Foarsitter |
| Tryntsje Kooistra- Bouma | V. Eijsingaleane 22, 8734 GD Easterein | 06-21467278 | Skriuwer |
| Lourens van der Pol | 't Bosk 19, 8731BJ Wommels | 0614185253 | Ponghâlder |
| Fakant | | | Foarsitter jongerein |
| Syb Overal | Streek 30, 8734 GR Easterein | 06-33030042 | Wedstrydsekretaris |
| Catharina Postma | Iisbaan 10H, 8731 DW Wommels | 06-19033966 | Ledenadminstraasje |
| Fakant | | | PR en Reklame |
| Kerst Hoekstra | Pastoar ten Bokumstrjitte 11, 8736JG Reahus | 0622187399 | Technyske saken |
| Marco Groothof | Trijekeningenwei 3, 8831 ZT Winsum | 06-10562399 | Terrein/Skoalleseize |

**Jongereinkommisje: Eameladres: Jeugd.sds@gmail.com**

| | |
|---|---|
| Fakant | Foarsitter |
| Peter Geertsma | Algemien lid |
| Tjitse Postma | Algemien lid |
| Mark Klijnsma | Algemien lid |

**E-mailadressen:**

| | |
|---|---|
| Foarsitter@vv-sds.nl | => Helga Develing |
| Ponghalder@vv-sds.nl | => Lourens van der Pol |
| PRcommissie@vv-sds.nl | => ……………… |
| Wedstriidsekretaris@vv-sds.nl | => Syb Overal |
| Ledenadministraasje@vv-sds.nl | => Catharina Postma |
| Sekretaris@vv-sds.nl | => Tryntsje Bouma |
| TC-foarsitter@vv-sds.nl | => Kerst Hoekstra |
| TCjeugd@vv-sds.nl | => Jongereinkommisje |
| Accommodatie@vv-sds.nl | => Marco Groothof |

**Sponsor- c.q. PR-kommisje**

| | |
|---|---|
| Fakant | Shirtsponsoring, reklamebuorden en Freonen fan SDS (PRcommissie@vv-sds.nl) |
| Johan Postma | Wedstriidstipers SDS 1 |
| Willem Wijnia | Advertinsjes De Treffer |

## Wedstrydsekretariaat
Senioaren, seal en de jeugd:
Syb Overal,Streek 30, 8734 GR Easterein, tel: 06-33030042

## Skiedsrjochterkoördinator:
Enne-Johannes Bruinsma, De Singel 12, 8734 HR, Easterein 06-29974138

## Akkomodaasje:
Sportpark “De Skoalleseize”, ’t Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700 (SDSkantine@gmail.com)

## Fersoarging terrein: / tillefoan:
Andries Stuiver A.Joustrastrjitte 4, 8734 GJ Easterein 0515-332872

## Fersoarging materialen:
Klaas de Haan, Klaas Overal, Lolke Bouma en Willem Twijnstra

## Aktiviteitenkommisje:
Bauke Dijkstra, Lourens van der Pol, Robin van der Weg en Sietze Stoffelsma.

**Bankrelaasje:** NL60RABO0349501033 Rabobank Sneek –ZuidwestFriesland.

**Ferieningsnûmer KNVB:** BB BG 32H

## Korrespondinsje besoarging Treffer:

| | | Tillefoan: |
|---|---|---|
| Easterein: | Hester Hiemstra, Skoallestrjitte 10, 8734 GM, Easterein | 06-12951565 |
| | K. en H. Meijer, Wynserdyk 19, 8734 GE Easterein | 0515-332278 |
| Wommels: | Fam. Sytsma, Roede 27, 8731 CT Wommels | 0515-332905 |
| | Fam. Boonstra, Hofkamp 14, 8731 BV Wommels | 0515-331615 |
| Itens/Hinnaard: | Sjoerd Boonstra, Hearedyk 59, 8735 HP Itens | 0515-332457 |
| Reahûs/Turns/Hidaard: | Fam. Gerbrandy, Sanleansterdyk 24, 8736 JB Reahûs | 0515-332910 |
| Spannum: | Hendrik Eringa, Wijniastrjitte 4, 8843 KM Spannum | 06-52282533 |
| Winsum: | Sybren Wassenaar, Hege Terp 13, 8831 XT Winsum | 0517-341886 |
| Kûbaard: | Auke Eringa, De Ljurk 13, 8731 EJ Wommels | 0515- 332649 |
| Oare plakken: | Metsje Huitema, Swingoerd 33, 8731 CV Wommels | 0515-333295 |

## Kontribúsje:

| | | |
|---|---|---|
| Senioren fjildfuotbal: | € 74,- | it healjier |
| Senioren sealfuotbal: | € 51,- | it healjier |
| Junioren O19 en O17: | € 57,- | it healjier |
| Junioren O15: | € 48,- | it healjier |
| Pupillen O13 en O11: | € 40,- | it healjier |
| Pupillen O9: | € 35,- | it healjier |
| Froulju 7x7 | € 27,- | it healjier |

Foar de jongerein jildt fanôf it twadde bern 20% koarting

**Dizze kontribúsjebedragen binne eksklusyf de bijdrage foar it kleanfûns. Dizze betreft foar senioarenleden €6,- en junioarenleden €5,- per heal jier.**
**By de earstehealjiers-kontribúsje wurdt ek €6,- foar de Grote Clubactie ôfskreaun.**
**Dizze 2 lotten krije je fan je leider en kinne efentueel je ferkeapje.**
**Tagong wedstriden earste âlvetal € 3,- Dêr sit dan in programmaboekje bij.**
Foar leden, sponsers en freonen fan SDS is de tagong **fergees**.
In programmaboekje kostet foar leden, sponsers en freonen fan SDS **€1,-**.
Mei it nûmer fan it programmaboekje meitsje je kans op drûge woarsten.

## Freonen fan SDS

Foar **€ 50,-** yn it jier wurde jo Freon fan SDS. Jo krije dêrfoar ús klupblêd, "de Treffer", fergees tastjoerd, jo komme op it 'Freonenboerd' en jo hawwe by kompetysjewedstriden fan ús earste âlvetal frij tagong. Foar nijere ynljochtings kinne jo skilje mei Bauke de Boer 0515-332555

## Stipers

Mear ynformaasje by Bauke de Boer (06-29892380)

## Oanmelding nije leden:

Aspirant **jongereinleden,** aspirant **senioren (fjildfuotbal)** en aspirant **sealfuotballers** kinne harren oanmelde/ôfmelde fia de webside **www.vv-sds.nl** fia **"oan-/ôfmelde"**.
Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimaasjebewiis (mei pasfoto) ynlevere wurde.
By fragen kinne je kontakt opnimme mei Catharina Postma.

## Ôfmelde:

Under de kop oan-/ôfmelde stiet ek de link foar as je je spitich genôch ôfmelde moatte/wolle
Allinich op dizze wize kinne jim ôfmelden wurde (dus net fia in lieder of sa)
Hjirfoar binne twa data: **foar 1 maaie** en foar **1 desimber**.
By te let ôfmelde moat der noch foar in heal jier betelle wurde, dit is omdat SDS dan ek jild ôfdrage moat oan de KNVB.

De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgende nûmer is:

**desimber 2025**

Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan 'e redaksjeleden.
Leafst oer de E-mail.
E-mail adres : **detreffer@vv-sds.nl**

# Fan de Trefferredaksje



Hjir de earste Treffer wer fan it nije seizoen.
De redaksje fan de Treffer wurdt hieltiten lytser. Tryntsje Kooistra-Bouma hat ôfskie nommen fan de redaksje nei mear as 10 jier hjir yn sitten te hawen. Wy tankje har tige foar al har bydrages.
Yn oktober 2011 krigen wy de earste 'Hite nútsjes' yn de Treffer. Nei 14 jier nimme wy dêr no ek ôfskie fan.
It like ús al wer ris tiid om de Treffer yn in nij jaske te stekken lykas it programmaboekje by de wedstriden fan SDS 1. Us haadstiper Drukkerij Van der Eems hat der yn beide gefallen wer wat moais fan makke.
Wy hoopje dat jim de Treffer mei wille lêze. Wy hawwe probeare der wer wat fan te meitsjen. Fierder op kinne jim lêze dat wy drok op syk binne nei nije Trefferedaksjeleden. Hooplijk slagget it nije krêften binnen te heljen om jim ek de kommende jierren 4 kear per jier in noflik klupblêdsje biede te kinnen.
Wy tinke dat it noch altiten in moaie oanfulling is op de SDS-webside.
Folle lêsplesier tawinske!
Bestuhhhhhhhhhhhhhhhhhhhhhhhhhhhhhhhhhhuhuhhuuhhhhh,
Willem

| Kom nei de SDS-ledengearkomst | Melle Terpstra by sc Cambuur | Hoe is it mei Tjomme Wijnia |
| --- | --- | --- |
| |  |  |
| side 6 | side 19 | side 23 |

## *Ynhâld*


*Fan de redaksje* ..... 3
*Fan it bestjoer* ..... 5
*Utnoeging SDS-ledengearkomst* ..... 6
*Oan it wurd: Douwe Posthuma* ..... 7
*Nije Trefferredaksje?* ..... 10
*In fruitmandsje bringe by Mark Postma* ..... 11
*Gezocht: vrijwilliger PR / Sponsorzaken VV SDS* ..... 12
*De goals graach netsjes opromje* ..... 14
*SDS tenue* ..... 15
*Fan de feestkommisje* ..... 17
*SDS-League: De Elf van Delf* ..... 18
*Melle Terpstra by sc Cambuur* ..... 19
*Persoanlik: Fender Flisijn* ..... 20
*Hoe is it mei Tjomme Wijnia* ..... 22
*SDS-Look-a-likes (47)* ..... 26
*Slút je oan by GEKE en stypje SDS!* ..... 27
*Keeperpraat; Arnout Meijer* ..... 28
*Mika En Xander by sc Cambuur JO10* ..... 29
*Ut de âlde doaze* ..... 30
*Doelpuntenmakkers senioaren 2025-2026* ..... 31
*Aginda* ..... 32

# Fan it bestjoer



'Wat doe je eigenlijk als voorzitter?' vroeg mijn schoonmoeder een tijdje geleden. Ik kon haar niet goed antwoord geven. Wat doe ik eigenlijk? Ik doe een heleboel juist niet. Aan die dingen denk ik het eerst bij haar vraag. VV SDS is gezegend met een goed lopend bestuur: een aantal bestuursleden loopt al even mee en kent het klappen van de zweep. Zij weten wat er van ze verwacht wordt en alles verloopt over het algemeen heel soepel. De wedstrijden zijn geregeld, de teamindelingen van de vier seniorenteams en de jeugdteams (dit jaar hebben we alle leeftijdscategorieën weer kunnen vullen!) zijn gemaakt, de zeven tegen zeven, ook weer drie teams, zijn aangemeld, nieuwe ballen zijn besteld, de coachjassen worden uitgedeeld, de contributie wordt afgeschreven en zo zijn er nog veel meer taken, waarbij ik zelf niet veel hoef te doen, misschien af en toe een beetje meehelpen. Dan zijn er nog heel veel taken die niet door bestuursleden, maar door andere vrijwilligers worden gedaan, vrijwilligers van VV SDS en de Skoalleseize. Het gras wordt gemaaid, de lijnen staan op het veld, er staan scheidsrechters op het veld, de bar is bezet, de tenues zijn gewassen, de kleedkamers zijn schoon en zo kan ik nog wel even doorgaan.

Als voorzitter heb je eigenlijk een prima baantje als alles zo lekker loopt. Ik doe wel wàt, natuurlijk. Ik ben, samen met andere bestuursleden, bezig met sponsorcontacten, omdat we nog altijd een vacature hebben voor de bestuursfunctie PR/sponsorzaken. Ik ga naar bijeenkomsten van Sport Fryslân met andere voetbalbestuurders, zodat we van elkaar kunnen leren en samen het voetbal in Fryslân kunnen verbeteren. Ik overleg met de Skoalleseize over de toekomst van het complex en het kunstgrasveld, dat uiterlijk 2033 vervangen moet worden, een aanschaf waar wij als VV SDS ook aan willen bijdragen. Ik kijk naar voetbalwedstrijden, jeugd en senioren, en luister naar mensen die tegen dingen aanlopen of ideeën hebben en bedenk wat we daar als club mee moeten, willen of kunnen doen. Ik bezoek de sportvakbeurs, waar ik praktische informatie opdoe die voor VV SDS heel nuttig kan zijn, bijvoorbeeld over fondsenwerving en het aantrekken van meer vrijwilligers, want ja, dat is ook voor SDS nodig. En ik ga, ook weer met de andere bestuursleden, op zoek naar nieuwe bestuursleden, want er komt een ledenvergadering aan (13 november, komt allen!), met bestuurswissel. Gelukkig hebben we twee aanstaande vacatures kunnen oplossen, met leden die een heel waardevolle aanvulling zullen zijn op het bestuur dat blijft zitten. En o ja, ik probeer wat Frysk te leren. Maar Frysk spreken lukt nog niet erg. En als ik het doe, wordt ik niet meer verstaan .

Wat doe ik eigenlijk als voorzitter? Geen grote, spectaculaire dingen. Maar ervoor zorgen dat we met elkaar VV SDS draaiend houden én toekomstbestendig maken.

Helga Develing

# Útnoeging SDS-ledengearkomst

op tongersdei 13 novimber 2025
Jûns om 20.00 oere yn’e kantine op Sportpark de Skoalleseize.

1. Iepening

2. Notulen ALF 2024

3. Ferslach jeugdkommisje

4. Ferslach Technyske Saken jeugd

5. Ledenferrin (ledenverloop)

6. Jierferslach ‘24-25 VV SDS

7. Jierferslach fan 'e finansjes en begrutting foar takom seizoen

8. Kaskommisje
- Leden: Auke Eringa en E.J. Bruinsma
- Beneaming nij kommisjelid (Auke Eringa is ferlittend lid fan 'e kaskommisje)

9. Desjarzje fan 'e ponghâlder

10. Skoalleseize

11. Bestjoerssaken
- Wedstrydsekretaris: Syb Overal (ôftredend, ferkiesber foar 1 jier)
- Ledenadministratie: Catharina Postma (ôftredend, net ferkiesber)
- Terrein en akkomodaasje: Marco Groothof (ôftredend, net ferkiesber)
- PR en reklame: iepensteande facatuere

Foargean nije bestjoersleden
- Ledenadministratie: Marijke Swiersta
- Terrein en akkomodaasje: Gert-Jan Hiemstra

13. Rûnfraach

14. Slúting

# Oan it wurd: Douwe Posthuma




**Mei in ûnderbrekking fan 1½ seizoen is Douwe Posthuma ynmiddels al oan syn 7e seizoen ta as trainer fan SDS 1. It wurdt heech tiid om him wer ris efkes oan de tosk te fielen.**

**Dyn 7e seizoen al by SDS. Hiest ea tocht dast hjir sa lang bliuwe soest?**
Tsja, je weet in het leven niet hoe het gaat lopen. Na de eerste vier seizoenen vond ik het tijd voor wat nieuws, omdat we met SDS in mijn ogen wel het maximale eruit hadden gehaald. Nu is de situatie weer helemaal anders en proberen we een team te bouwen dat goed genoeg is om te promoveren. Dat is weer een hele nieuwe uitdaging en ik merk dat ik er heel veel plezier aan beleef. Ik voel me thuis bij SDS en denk dat ik hier ook goed pas al trainer.

**Hast mei SDS 1 wat in goeie tarieding draaid op it nije seizoen?**
SDS heeft een prima voorbereiding gedraaid en we zijn dan ook aan het seizoen begonnen met drie overwinningen in de beker. In de competitie zet dat beeld zich voort met zeven punten uit de eerste drie wedstrijden. Afgelopen zaterdag verloren we voor de eerste keer in Creil en dat deed even pijn. Qua spelers is iedereen over het algemeen fit en komen Kevin, Gerbrand en Wiebe er weer aan. Die komen terug van blessures en hebben wat meer tijd nodig.

**Wy seagen in miskien wol ferrassende keus yn de goal foar Mark Klinsma yn plak fan Jan-Peter Bootsma. Hoe kaam dit sa?**
Jan Peter kwam er aan het einde van afgelopen zijn seizoen al achter dat het hebben van een eigen bedrijf moeilijk te combineren is met voetballen bij SDS 1. Hij heeft het nog wel geprobeerd in de voorbereiding, maar na een paar weken heeft hij aangegeven dat het eigenlijk niet te combineren valt. Hij is gestopt met trainen en spelen, maar eventueel wel inzetbaar op zaterdag als de nood hoog is. Mark is hierdoor doorgeschoven naar de positie van eerste doelman en hij was er ook klaar voor, dus dat was geen probleem. Het is wel jammer dat 'JP' niet meer kan keepen, want het is een hele goede keeper en een fijne jongen die goed in de groep past.

**Is de 4e Klasse A no better as minder as 4B?**
Dat kan ik nu nog niet zeggen, want ze zijn nog maar vier wedstrijden onderweg. Tegen veel teams bij ons in de klasse heb ik al jaren niet meer gespeeld en ik weet niet hoe goed zij nu zijn in vergelijking met ons.

**Wa binne de grutste kânshawwers yn de 4e Klasse A op de prizen?**
Na afgelopen zaterdag tegen Creil te hebben gespeeld, lijkt me dat het te kloppen team.

**Hiest ek leaver yn de 4e Klasse B sitten?**
Het is qua indeling bijzonder dat we niet in 4B zitten, want de meeste teams zitten heel dicht in de buurt. Daar was ik in eerste instantie wel verbaasd over, maar nu is het zoals het is en ben ik daar niet meer mee bezig.

**Ynmiddels is dit dyn 7e seizoen by SDS. Bist ek feroare yn dy jierren oangeande dyn trainen en koachen?**
Ik denk wel dat ik qua trainen en spelen wat dingen anders doe als voorheen, maar de verschillen zijn niet heel groot. Ik heb in de tussenliggende jaren wel om me heen gekeken en wat dingen geleerd. Eigenlijk blijf je als trainer wel steeds nieuwe dingen leren, als je goed om je heen kijkt en je verdiept in het spelletje.

**Do hast net folle mei de beker. Hoe kin dat? It soe dochs alderaardichst wêze om yn in folgende ronde in grutte amateurklup of sa thús te treffen?**
De competitie heeft bij mij de hoogste prioriteit en de beker win je toch niet. Dat wil niet zeggen dat ik het niet serieus neem, want vooral de poulewedstrijden zijn onderdeel van de voorbereiding op de eerste competitiewedstrijd. Bekerwedstrijden tijdens het seizoen benut ik graag om spelers die veel op de bank zitten bij SDS 1 een kans te geven. We spelen nu zaterdag tegen DTD en mochten we deze wedstrijd winnen, dan kan je tegen een grote club loten. Dat lijkt vooraf altijd heel leuk, maar de realiteit is vaak, dat je kansloos bent.

**Is de manier fan fuotbaljen by SDS no ek bot feroare yn fergeliking mei dyn earste seizoen hjir?**
In grote lijnen niet denk ik, maar er zijn wel wat kleine verschillen. We spelen nu 4-2-2-2 en dat is een vorm van 4-4-2 waar we vorig seizoen mee zijn begonnen. Het pas goed bij het spelersmateriaal, omdat we drie centrumspitsen hebben, heel veel centrale middenvelders en aanvallend ingestelde backs. We wisselen hoge agressieve druk af met inzakken en zijn ook veel bezig met hoe we het spel kunnen maken.

**SDS 1 komt dreech ta skoren. Wat is neffens dy dêr de reden fan?**
We kunnen goed het spel maken, we kunnen dodelijk counteren en we zijn ook levensgevaarlijk bij standaard situaties. Daarom krijgen we ook vaak veel kansen om doelpunten te maken in de wedstrijden tot nu toe. Het grootste probleem is en blijft dat er te weinig spelers in de selectie zitten die makkelijk en veel scoren. Lourens maakte er vorig seizoen 14 en het is voor SDS-begrippen al vrij uniek dat er een speler tien of meer maakt.

**Hoe sjochsto de takomst foar SDS?**
Ik zie toekomst zonnig in, want SDS heeft veel jeugd en in die jeugd zit ook genoeg talent. Volgend seizoen zullen de meeste spelers van de huidige O19 de stap naar de senioren maken en dat is goed nieuws voor SDS 1 en SDS 2. Die krijgen er jonge talenten bij en bovendien zullen de selecties hierdoor groter gemaakt kunnen worden. SDS 1 zal breder en sterker worden en SDS wordt dan een team waar jonge talenten kunnen rijpen.

**Sjochsto dy hjir by SDS oer in jie as 3 noch as trainer?**
Die keuze ligt niet alleen bij mij natuurlijk, het moet ook gedragen worden door de club en de spelers. Als de kwaliteit er is en de ambitie om te promoveren in de groep leeft, dan wil ik daar nog wel een paar jaar onderdeel van zijn.

**Hoe soesto de seleksje fan SDS 1 typere?**
SDS 1 is een gedreven, serieuze en leergierige groep spelers met veel kwaliteit en dat is voor een trainer natuurlijk heel prettig werken. Het is een ook een grote groep vrienden volgens mij, die enorm geniet van het spel en de gezelligheid om het voetbal heen.

**Yn de 7 jier is der fan alles feroare yn de A-seleksje. Moai om te sjen as der nijelingen as Ate Schaap, Kees Sandstra en jeugdspilers trochstreamd binne wêr fan je it net ferwachtsje soenen. Wa hat dy yn dy sin it meast ferrast?**
Ik ken de meeste spelers wel vrij goed en echt verrast word je dan ook niet vaak, maar soms verbaas ik me wel over de ontwikkeling van spelers. Tim is denk ik de grootste verassing als we het hebben over basisspelers bij SDS 1. Zelfs zijn vader zag dat niet aankomen. Ook Ate is een bijzonder verhaal natuurlijk, want die speelde nog niet zo lang geleden in SDS 3 en nu is hij de grote aanjager voorin bij SDS 1.

**Tige by tige! Hooplik bliuwst noch jierren by SDS en kinst nochris in promoasje fiere.**

**(WW)**



# Nije Trefferredaksjeleden socht

De Trefferredaksje is yn de rin fan de jierren aardich útklaaid. No't Tryntsje Kooistra-Bouma der mei stoppe is sitte der noch wol teld 2 leden yn de redaksje. Metsje Stenekes foar de besoarging en Willem Wijnia foar de stikjes en de advertinsjes. Dit is wat kwetsber en wy soenen dan ek graach sjen as der enthousiaste lju by komme.




Yn 2000 wie de sitewaasje mei de Treffer ienigsins fergelykber. De Trefferedaksje bestie doe ek noch mar út 2 leden en mei it oankommende ynternet wie de fraach as de Treffer noch wol nedich wie. Guon nammen it heft yn hannen en der kaam in nije Trefferedaksje mei Hinke Kuiper, Aant Hofstra, Freddy Scheltema, Klaas Pompstra en Meinte Wesselius. Letter soargen sy foar nije oanwas mei Sjoerd van Beem en Willem Wijnia.
Hjir mei koe de Treffer jierren foarút en waard der in SDS-webside makke.

Hjoeddeis liket it wolris dat de Treffer der minder ta docht om't der in soad nijs op de SDS-side stiet en der in protte dield wurdt op de sociale media. Dochs bin ik fan miening dat dit allegear neist elkoar bestean kin en de Treffer júst in moaie oanfulling is mei wat mear ferdjipping.

No soe it moai wêze as der wat lju binne dy't it leuk fine om wat te skriuwen. It hoecht wier net yngewikkeld te wêzen en ek net per sé yn it Frysk.
Mooglik kinne sy bygelyks de sosjale media fan SDS te dwaan.

Wy binne op syk nei **in tiener, in tweintiger, in tritiger en in fjirtiger**.
Man of frou makket fansels neat út.
Wa 't it wat liket mei in berjochtje dwaan nei Willem fia de mail op **willem@vv-sds.nl** of fia Whatsapp of sa of mei him oanklampe oan de râne fan in fuotbalfjild.

Willem

# In fruitmandsje bringe by Mark Postma



By SDS 4 is Mark Postma meast de earste dy't op papier stiet. Hy moat hielendal út Snits komme, mar is der eins altiten by. Dit seizoen is it oars. Hy hat noch net in wedstriid balle.
Wat is der oan de hân?

**Wêr hast lêst fan?**
Ik haw lêst fan de ûnderrêch. De senuwen sitte wat beknelt en dat moat loskomme.

**Hoe hast dat sa krigen?**
Ja knullich yn it deistige. By de Appie soe ik in tas mei boadskippen fan 'e kassabân helje en doe skeat it der yn.

**Fernaamdest doe lyk dat it mis wie?**
It wie lyk bot stiif. Dus doe rûn ik as in âld mantsje de winkel út.

**Hoe no fierder?**
Ik rin by de chiropractor, lit my wat masseare en safolle mooglik bewege en rekke en strekke.

**Wannear ferwachtesto wer op it fuotbalfjild te stean?**
Mooglik yn novimber wer. De hjerstfakansje de sinne efkes opsykje docht it lichem hooplik ek goed.

**Wat misto no it meast no asto net fuotbalje kinst?**
De frijheid dy't ik fiel op in fuotbalfjild.

Mark, in protte sukses mei dyn herstel en in noflike fakansje tawinske!
Wy hoopje dy gau wer op it fjild te sjen!

---

# SDS-paraplu



Der binne folop SDS-paraplú's te krijen.
Sy koste mar €15,-.
Sy binne net allinnich ideaal om mei hjerstich waar oan de kant fan it fuotbalfjild op te hawwen, mar kinne ek tsjin de sinne of de snie brûkt wurde.
Oan de SDS-paraplu sil it net lizze.
Bestel se fia **info@vv-sds.nl**.
Sy binne tidens it fuotbalseizoen yn de bestjoerskeamer te krijen.

# Gezocht: vrijwilliger PR / Sponsorzaken VV SDS

**Tijdsinvestering:** Gemiddeld 1 uur per week (flexibel in te delen) + 1 bestuursvergadering per maand (ca. 2 uur)

**Wat ga je doen?**
Als **vrijwilliger PR / sponsorzaken** ben jij het gezicht van VV SDS richting onze **sponsors en freonen** (vrienden van VV SDS). Jij zorgt voor het opbouwen, onderhouden en uitbreiden van deze waardevolle contacten. Dankzij jouw inzet kan VV SDS blijven groeien, zowel sportief als maatschappelijk.

Je:

- zoekt actief naar nieuwe **sponsors en freonen** van VV SDS;
- onderhoudt het contact met bestaande relaties;
- sluit sponsorcontracten af (hiervoor is een format beschikbaar);
- vertegenwoordigt de club op een positieve manier richting het bedrijfsleven en de gemeenschap;
- denkt mee over acties of initiatieven om sponsors en freonen bij de club te betrekken;
- maakt deel uit van het **bestuur** en woont maandelijks de bestuursvergadering bij;
- werkt samen met het bestuur aan het **verdelen van taken** en het betrekken van andere vrijwilligers bij sponsor- en PR-activiteiten.

*(De organisatie van balsponsors doen andere vrijwilligers.)*

*Wat vragen we van jou?*

- Enthousiasme voor VV SDS en affiniteit met lokale sport en samenleving

- Goede communicatieve vaardigheden
- Representatieve en proactieve houding
- Zelfstandigheid en betrouwbaarheid
- Bereidheid om gemiddeld 1 uur per week te investeren (tijd zelf in te delen) en 1x per maand een bestuursvergadering bij te wonen

*Wat bieden we?*

- Een leuke, afwisselende vrijwilligersrol binnen een gezellige en betrokken vereniging
- De kans om mee te denken over de koers van de club
- Veel vrijheid in de uitvoering van je taken
- Waardering en zichtbare impact: jij helpt VV SDS letterlijk vooruit!

---


Wurd ek Freon fan SDS foar mar € 50,- per jier.




Meld je oan op
www.vv-sds.nl

Samen voor resultaat.




Uw handelaar in de regio:
INT. HANDELS- EN TRANSPORTBEDRIJF
GEBR. VELLINGA
Sibadawei 26, 8734 HE Oosterend
tel. 0515-331565 / fax 0515-332105

V

de heus

# De goals graach netsjes opromje





It soe moai wêze as alle trainers en fuotballers nei it trainen en nei de lêste jeugdwedstriden op sneon de goaltsjes oprêde. Dit skeelt de ‘greenkeeper’ in soad wurk as hy it gêrs meane wol of it keunstgersfjild boarstelje.
De goals dan wer graach netsjes te plak sette en net sa as dizze foto’s rûnom de fuotbalfjilden, mar netsjes tusken de jeu de boules-baan en de berging yn.



# SDS-tenue



Yn de rin fan de jierren is der hiel wat feroare oangeande de fuotbalklean. Ek by SDS.
Ik ferjit nea wer dat ien fan de bern ea frege by it sjen fan in âlde alvetalfoto fan in SDS-team út de jierren 90; ‘Wêrom fuotbalden sy froeger yn de ûnderbroek?’ En ynderdaad. As je der mei de eagen fan hjoeddeis nei sjogge dan wienen de fuotbalbroekjes ynderdaad wol hiel koart. Net sa raar dat de âldere fuotballers ûnder ús harren goed heuge kinne as sy yn it ferline sa’n hurdleren bal tsjin de billen oan krigen yn de winter. De hiele wike hienen je in read bil. Yn de jierren 60 wienen de fuotbalbroekjes dan wer sa grut dat it earder rokken liken
De sjurts binne ek aardich feroare. Yn de jierren 70 en 80 wienen sy noch fan katoen en as je se iets te waarm wosken dan hienen je de rest fan it seizoen in aardich krap sjurtsje en it logo wie fuort. Yn de jeugd hie de jeugd noch faak in los SDS-logo om op it sjurt te plakken mei klittenbân of mei drukknoopkes. Sa hoefde it net mei yn de wosk yn en bleaun dy langer moai. Alle jeugdteams hienen oant de jierren 80 gjin sjurtstiper, dus elkenien hie syn eigen sjurt en broekje en moast dy sels útwoksje. De polyester sjurtsjes kamen yn de jierren 90 en hawwe wy noch altiten. Wêr ‘t de katoenen sjurts mei lange mouwen tige waarm wienen is dat mei de polyester sjurts wat oars. Guon fuotballers fuotbalje dêrom mei in sjurt der ûnder. Sommigen fuotbalje yn de SDS-sjurts mei koarte mouwen en hawwe hjir dan winters in sjurt mei lange mouwen ûnder tsjin de kjeld. It leafst al in witen, want in oare kleur is gjin porem.
Op de alvetalfoto’s út de jierren 60 kinne je sjen dat it gebrûklijk wie om de sjurts yn de broek te dragen en de sokken omheech. Tsjintwurdich is Kees Sandstra by SDS de ienige dy’t der sa kreas by rint. Yn de jierren 70 waard it stoer om júst mei de sokken nei ûnderen te fuotbaljen. Doe’t de skinebonkbeskermer ferplicht steld waard yn de jierren 90 moasten de sokken wol omheech. Utsein by Harm Stremler dy’t skin ebonkbeskermers ter grutte fan in bierfiltsje hie en dêrom de sokken ek net sa heech hoefde.




Ynmiddels sjogge wy wer in nije trend. Meastentiids begjinne dy yn it betelle fuotbal. Guon fuotballers knippe gatten oan de efterkant fan de fuotbalsokken om’t sy miene dat harren kûten oars net genôch romte hawwe yn de fuotbalsokken. Dan hawwe sy Floris Hiemstra yn de jierren 90 en 2000 net by SDS 1 fuotbaljen sjoen. Dy hie yn dizze tiid sûnder

sokken balje moatten sokke kûten hie dy.
De measte nijjicheden út it betelle fuotbal wurde dus oernaam yn it amateurfuotbal. Lokkich genôch wurdt it útsjurt by útwedstriden yn it amateurfuotbal allinnich brûkt as it écht nedich is. Bygelyks as SDS 1 tsjin vv Sleat moat of tsjin Sneek-Wit/Zwart. Of vv Harlingen tsjin vv Makkum.



*Ien fan de lelijkste útsjurts ea. Athletic Bilbao nei in mâle slachtpartij of sy hawwe allegear ketsjup griemd…*

Somtiden wurde dan sels de útsjurts noch fergetten ek en spylje je yn it útsjurt fan de thússpyljende feriening. Dat is dan net oars, mar altiten better as yn it bettele fuotbal wêr as de útsjurts hoates en toates brûkt wurde sels as de klupkleuren hielendal net op elkoar lykje. As dit nea yn it amateurfuotbal barre sil is de fraach. De jeugd makket it fêst neat út. Sa sei lêsten in jongere tsjin my dat hy tocht dat útklups yn it betelle fuotbal ferplicht yn útsjurts oantrede moatte. It minste wie noch dat hy dit ek net in probleem fûn. Hy fûn dat wol moai dy útsjurts.
Om my ferplichte se alle klups om yn de eigen klupkleuren te spyljen en allinnich yn de útsjurts as it écht net oars kin.
En thús spylje betsjut dat je fuotbalje yn it plak wêr't de thúsklup harren stadion stiet. Dus gjin Villareal - Barcelona yn Miami of Telstar – sc Heerenveen op Grienlân. Daliks spylje wy mei SDS thús yn Bakkefean.
Oh ja. En swarte fuotbalskuon bliuwe fierwei it moaist!
Ik wurd âld……

**Sjoch foar de nijste stân fan de SDS-League op www.vv-sds.nl**

# Fan de feestkommisje



*Liebe Leute*,

Sneon 25 oktober is it wer safier en sil de Skoalleseize wer omboud wurde ta in wiere _bierhalle_. Dus skuor die lederhosens en diendl's mar alfest wer fan'e zolder. DJ Felipe sil de tent op stelten sette mei Dútske schlagers, polka’s, après-ski-hits en oare sfearferheegjende deuntsjes. Derneist sil de tap wer ris oanslingere wurde en kin der in boaium lein wurde mei in broadsje bratwurst. Wy hoopje jim allegear wer te sjen om hjir in prachtich feestje fan te meitsjen!




Mei freonlike groetnis,
De feestkommisje

.

# SDS-League

**De SDS-League is 4 wiken dwaande en der binne al 4 ferskillende wykpriiswinners. Mei al dy blessures en skorsingen kin it elke wike alle kanten út. ‘De 11 van Delf’ fan Johan Delfsma stiet op in 12e plakje, mar as wy Johan heare giet it hielendal net sa goed. Wy hearden efkes by him.**

**Wat is der oan de hân mei dyn team? Do stiest der hielendal net sa gek foar.**
In fleanende start en ik stean ynderdaad noch bysûnder heech yn it klassemint. Van Aanholt(bank), Rente(blessa) Pericic(bank) Dolberg( blessa) Meerdink(de joker maar lang blessa) nekke my foar de winst helaas.

**Wa hast allegear yn dyn team?**
Nei hiel lang wikken en wegen kaam ik op it folgende team:
Crettaz, Van Aanholt, Rente(GRO), El Karounai(UTR), Nauber(GAE), Steijn(FEY), Pericic(PSV), Meerveld,Dolberg(AJA),Meerdink(AZ), Van Wolfswinkel(TWE)

**Hoe lang dochst al mei oan de SDS-League?**
Poeh! Neffens my al fanôf it begjin en noch gjin edysje oerslein. Neffens my wûn ik de SDS-League yn 2000. Gokje....

**Wat is dyn taktyk by it meitsjen fan dyn team?**
Keeper en ferdedigers opstelle mei in bytsje tsjingoals(no al mislukt mei myn keeper) en statistyken en blessures byhâlde.

**Fan wa hiest wat mear ferwachte yn dyn team?**
Dolberg wie myn joker mar dêr haw ik dochs wol wat spyt fan

**Wat is de grutte ferrassing?**
Meerdink en Rente, mar dy bin ik spitich genôch beide kwyt mei blessures.

**Tinkst dast mei dit team de SDS-League noch winne kinst?**
As de wûnderdokter fan Robben myn blessuregefallen oplosse kin dan win ik de SDS-League!

**Boppe wa wolst sawisa eindigje?**
Nou dat binne der 13. Ik neam se net allegear opmar graach boppe Eeltje Postma.

Wy winskje dy noch in hiel soad súkses ta mei dyn team yn de SDS-League! (WW)

# Melle Terpstra by sc Cambuur




**Sûnt it seizoen 2023-2024 keept SDS'er Melle Terpstra by sc Cambuur. Hy kaam doe yn de JO12. Ynmiddels binne wy al wer 2 seizoenen fierder en binne wy wol benijd hoe as it mei Melle giet.**

**Hoe giet it mei dy?**
Het gaat goed.

**Foldocht it dy wat by sc Cambuur?**
Ja, ik heb het naar mijn zin.

**Nimt it net folle tiid no asto op de 'grutte'skoalle sitst en ek húswurk meitsje moast?**
Ja, maar het is meestal wel te doen.

**Yn welk team sitsto no en hoe giet dat?**
Ik zit in de O14, en dat gaat goed.

**Sjochst wolris oare âld-SDS'ers by sc Cambuur?**
Niet gezien, maar weet dat Mika de Jong en Xander Geertsma van SDS op de voetbalschool zitten. En Tom Wijnia was laatst met ons mee als verzorger toen wij tegen Spakenburg moesten voetballen.

**Komst noch wolris by SDS te sjen?**
Ja, bij de mini league kijken van mijn broertje.

**Hast foar dy sels ek noch doelen steld dit seizoen?**
Ja, ik wil me doorontwikkelen zodat ik ook volgend seizoen bij Cambuur mag spelen.

Melle, tige by tige!
Wy winskje dy in moai seizoen ta by sc Cambuur!
En sjogge dy oer in pear jier fêst by sc Cambuur ûnder de latte. Mei al dy Friezen op it stuit by sc Cambuur 1 soe it ek moai wêze as der in Fries yn de goal komt.

## Persoanlik

| | |
|---|---|
| **Wy stelle jim graach foar oan:**<br><br>**Fender Flisijn** |  |
| ***Namme*** | Fender Flisijn |
| ***Berne*** | 1 maart 2015 |
| ***Yn Wommels, Easterein as....*** | Wommels |
| ***Skoalle*** | It Fûnemint |
| ***By SDS sûnt*** | 2020 |
| ***Team*** | JO-11-1 |
| ***Gjin fuotbal, dan...*** | Keatsen, gamen en bûten boartsje |
| ***Favorite klup Nederlân*** | Feyenoord |
| ***Favorite klup bûtenlân*** | Real Madrid |
| ***Beste trainer*** | Gerrit Flisijn |
| ***Beste fuotballer yn Nederlân*** | Hadj Moussa |
| ***Beste fuotballer yn it bûtenlân*** | Ronaldo |
| ***Favorite fuotballer SDS*** | Gerwin |
| ***Beste keeper*** | Timon Wellenreuther |
| ***Favorite posysje*** | Links mid |
| ***Sterkste punt*** | In goeie foarset jaan |
| ***Swakste punt*** | Ferdigening |
| ***Moaiste stadion*** | De Kuip |

| | |
|---|---|
| ***Idoal*** | Ronaldo |
| ***Hichtepunt*** | 2de priis wûn op it NK welpen foar Wommels |
| ***Djiptepunt*** | Ha ik net |
| ***Moaiste goal*** | Kopgoal yn de krusing tsjin Zeerobben |
| ***Skoudertriuw as tackel?*** | Skoudertriuw |
| ***Boas om*** | At der iets net earlik giet |
| ***Flinters yn de búk fan*** | Fan in moaie boppeslach |
| ***Tillevysje*** | Fuotbaljen en Jachtseizoen |
| ***Muzyk*** | Alle muzyk, behalfe hurde rock muzyk |
| ***Lekkerste iten*** | Pizza |
| ***Minst lekkere iten*** | Sprútsjes en boerenkool |
| ***Drinken*** | Fanta en wetter |
| ***Nintendo DS, Playstation, X-BOX of bûten boartsje*** | Playstation en bûten boartsje |
| ***Favorite game*** | Roblox |
| ***Samsung of IPhone*** | Samsung |
| ***As ik skoar dan fier ik dat sa....*** | Net hiel heftig |
| ***Kampioen Earedivyzje 2025/2026*** | Feyenoord en as dat bart krij ik in appeltaart fan Andries Wiersma |
| ***Cambuur of SC Heerenveen?*** | SC Heerenveen |
| ***Moaiste sjurt*** | Thús sjurt fan Feyenoord |
| ***Lelijkste sjurt*** | Thús sjurt fan Ajax |
| ***Fuotbalskuon*** | Adidas |
| ***Rjochts of lofts?*** | Lofts |
| ***At ik letter grut bin dan....*** | Wol ik graach de Freule en/o de PC winne |
| ***Wolst fierders noch wat kwyt?*** | Andries kin de bakspullen mar fest klear sette! |

# Hoe is it mei; Tjomme Wijnia



**Tjomme Wijnia komt fan Wommels en is it jongere bruorke fan Jappie. Hy spile syn hiele jeugd foar SDS en in pear seizoenen by de senioaren. Hy wennet no alwer in tiid yn Noard-Hollân en wy binne wol benijd hoe as it mei him is. Wy sjogge him namelijk wolris meidwaan oan in loopke of triatlontsje hjir yn de buert.**

**Hoe is it mei dy?**
Prima, ik ben gezond wat voor mij het belangrijkste is.
Helaas heb ik meer lieve, mooie en belangrijke mensen verloren. Zoals mijn vrouw in 2010, zij overleed aan leukemie.
Ik ben er sterk door heen gekomen, maar voor mij is het nu het belangrijkste dat ik alles uit het leven haal wat er in zit. Ik probeer zoveel mogelijk op reis te gaan en kijk nu al uit naar mijn pensioen 😉

**Wêr wennesto no, wat foar wurk dochst en hast ek in relaasje en sa?**
Ik woon sinds 1998 in Julianadorp, ik ben uit Wommels vertrokken om een opleiding te doen in de gehandicaptenzorg. Ik werk nog steeds in deze sector, nu als flexer, zodat ik de regie heb over mijn vrije tijd. Ik woon met veel plezier samen met Shirley. We proberen waar mogelijk lekker te reizen.

**Wannear hasto by SDS balle?**
Ik denk dat ik gestart ben in de E-tjes, ik denk van 8 jaar tot en met mijn 24ste. (gok ik, want mijn geheugen laat me nog wel eens in de steek)

**Hasto nei SDS ek noch by in oare klup balle?**
Ik heb eerst een blauwe maandag bij JVC in Julianadorp gevoetbald. De bekende David Loggie was de trainer. In de eerste beker wedstrijd speelde ik een prima wedstrijd en scoorde de winnende 1-2. Als beloning zat ik de eerst volgende competitiewedstrijd bij het 2de team, dit omdat de vriendjes van David, looptrainer, Loggie. Ik heb me meteen laten uitschrijven. Via een collega, die gaf aan dat ik bij zijn vereniging een aanwinst kon zijn, dit was VESDO in Schagerbrug. Een no-nonsens club a la SDS.

**Do fuotballest net mear, mar sitst dúdlijk net stil. Wy sjogge dy hjir yn de omkriten ek wolris drafen. Wat dochst sa al?**
Ik hou niet van stilzitten inderdaad, ik ben bang dat ik dicht groei. Maar het liefst sport ik wel elke dag.
Tussen mijn 25ste en 40ste heb ik 11 marathons gelopen, daarna heb ik het fietsen opgepakt. Op dit moment fiets ik het liefst op de racefiets of op mijn moutainbike. Daarnaast probeer ik het hardlopen weer op te pakken. Zodoende doe ik af en toe een kwartje triathlon. Aan zwemmen had ik altijd een bloedhekel, maar nu ik me heb opgegeven voor een halve triathlon (augustus 2026 in Gelderland) train ik elke week in het zwembad en ga ik het zowaar, een heel klein beetje minder erg vinden.
Ik ben 7 jaar vrijwilliger geweest van de “Voel je Top” club. Ik was maatje van een jongen met een verstandelijke beperking. Ook mijn vriendin was maatje, met een hele groep van 40 personen zijn we onder anderen de Mont Vertoux en de Alp’Huez op gefietst. Dit was erg leuk om te doen, maar kostte veel vrije tijd, dit heb je pas door als je gestopt bent.

**Hoe sjochsto werom op dyn tiid as fuotballer by SDS?**
Ik heb altijd met heel veel plezier gevoetbald bij SDS. Voetballen was toen 1 van de leukste dingen in mijn leven. Maar ik kreeg toen een hele vervelende kruisband blessure, hierdoor kon ik niet meer terug komen op mijn oude niveau. Hierna heb ik nog wel doorgevoetbald in het tweede team.

**Wat wie dyn hichtepunt as fuotballer by SDS?**
Ik ben in het eerste en tweede team kampioen geworden. En in de jeugdelftallen waren we ook regelmatig kampioen. Ik weet niet hoe het nu is maar er zat toen heel wat talent bij de club.
Een echt hoogtepunt kan ik niet benoemen, ik vond toen alles leuk.

**Binne der ek djiptepunten west?**
In de na kompetitie begon ik mijn beste westrijden als verdigende middenvelder te spelen en scheurde ik mijn kruisband af, toen was het meteen klaar

**Wat is dy it meast bybleaun yn dyn tiid as fuotballer by SDS?**
De Wommelsers, ik reed altijd met Jappie en Wichard, naar de training en wedstrijden toe, we draaide altijd het cassette bandje van Koot en Bie helemaal grijs. Op het laaste konden we de tekst uit ons hoofd, maar we bleven blauw liggen van de lach.

**Wat wie dyn bêste trainer?**
Dat was Gerlof-Jan. Hij had het meeste vertrouwen in mij. Ik kan mij nog goed herinneren dat wij voor het seizoen op trainingskamp gingen naar Terschelling. We zouden met 14 man gaan, maar gingen uiteindelijk met 6.

De trainer maakte een luguber grapje dat de oorzaak was dat er 7 broers afwezig waren in verband met het overlijden van hun vader. Maar die leeft nu nog, maar dit leverde ons wel een flinke korting op de accommodatie.
We speelde toen, half dronken met een aantal gastspelers van Terschelling, tegen een veel hoger team en versloegen ze met 6-5!! Die gasten waren bloedfanatiek, zij waren zeer goed voorbereid en wij hadden flink gezopen en wonnen! Dit was hilarisch.

**Kinst dy ek noch wonderlijke foarfallen heuge?**
In mijn eerse seizoen bij VESDO vertelde ik dat ik spits was, -wat ik helemaal niet was-, het voetbal niveau was wat lager, maar tot mijn gote verbazing, had ik talent van mijn broer om te scoren. Samen met mijn zwager stond ik lange tijd bovenaan op de topscoringslijst van onze regio. Uiteindeijk werd hij eerste, (door een doelpunt wat hij toegekend had gekregen wat hij nooit had gemaakt), hij stond toen met een groot interview in de krant. Ik werd tweede, met 1 doelpunt verschil.

**Yn 1993 waardesto mei SDS 1 kampioen yn Kootstertille. Kinsto dy dêr noch wat fan heuge? Do likest blesseard op de foto.**
Ik kan me de context van die tijd niet echt voor me krijgen. Ik weet wel dat ik met terugwerkende kracht me nu bedenk dat ik met hele goede voetballers heb gespeeld. Ik denk dan aan mijn broer, Wouter en Floris.



1992-1993 SDS 1 kampioen yn Koatstertille
Steand: striker Piet de Jong, trainer Hylke de Vries, Egbert Bootsma, Jan Weijer, Jappie Wijnia, Tjeerd Dijkstra, Tsjomme Wijnia, Gerrit Terpstra en lieder Anne Brouwer.
Op hurken: Douwe-Dirk Reitsma, Klaas Westra, Peter Sijbesma, Floris Hiemstra, Wouter Hylkema, flagger Daan Boersma, Douwe Schaafsma, Wichard Deinum.

**Hoe sjochsto no as bûtensteander nei SDS?**
Ik hoor via mijn broer Jappie, nog hoe het SDS vergaat. Zo af en toe halen we oude verhalen op, dat heeft denk ik met de leeftijd te maken.

**Folgest SDS noch wat?**
Niet actief, alleen met Jappie samen. Ik heb geen neefjes of eigen kinderen die voetballen.

**Komst noch wolris by sc Cambuur?**
Ja, heel af en toe, toevallig ben ik net met mijn zus en zwager naar de wedstrijd tegen de Graafschap geweest, in het schtterende nieuwe stadion. Ik vond het geweldig!
Mijn hart ligt echt bij Cambuur, ik volg elke wedstrijd met alle ins en outs.

**As lêste noch efkes: hoe sjocht dyn SDS-superalve der út:**

| | |
|---|---|
| Keeper: | Egbert Bootsma. |
| Linksback | Blind Johnny (Jan Weijer) |
| Laatste man: | Wouter Hijlkema |
| Voorstopper | Floris Hiemstra |
| Rechtsback | Douwe Schaafsma |
| Middenveld | Tjomme Wijnia |
| | Klaas Dak (=Visser) |
| | Hein Hoekstra |
| Voor | Robert Sijbesma |
| | Jappie Wijnia |
| | Wichard Deinum |

**Ik fûn trouens ek noch in moaie foto. Jim heit stiet der ek noch op:**



SDS 1D 1984/1985 Kampioen.
Staand:scheidsr.J.Strikwerda,Ronnie Kroondijk,Andre Posthuma
Marco Reijnhoudt,Durk Klijnsma,Klaas Westra,Tsjomme Wijnia,
Herman Zeilstra en Leider Pier Wijnia.
Gehurkt;Theunis Kloosterman,Janco Lolkema,Mannus v.Weert,
Peter Sijbesma,Rients Rienstra en KlaasPiet Spoelstra.
Trainer Jelle de Boer ontbreekt.

Ja, dat is een mooie foto met heit erop, mooi man. Bijzonder dat m’n pa coach was. En een familiegeheim. Ik maakte de opstelling. Een keer was mijn vader mij vergeten naar Sexbierum uit. Ik werd toen door meneer Walstra gehaald. 2 minuten voor de wedstrijd stond ik op het veld en scoorde 5 keer.

**Tjomme, tige by tige, It giet dy goed! (WW)**

# SDS -Look-a-likes(47)

Fine jim in SDS'er op in fuotballer, in bekende Nederlander, in Dútser, in blomkoal, Doutzen Kroes of oars ien of wat lykjen mail ús dan in foto. It leafst fansels ek efkes mei de foto op wa 't jim degene lykjen fine. Wy binne hiel benijd. Mail jim SDS-Look-a-like nei **DeTreffer@vv-sds.nl**!

**Darter Ryan Searle as wepmaster Willem:**




**Jesse van der Weide en Miro Tenho(Finlân):**




**Darter Gerwyn Price as Kees Sandstra:**





# Slút je oan by GEKE en stypje SDS!

Sa't jimme witte is der fanút doarpsbelang Hâld Faesje fan Easterein in enerzjy koöperaasje:
Griene Enerzjy Kooperaasje Easterien. GEKE

**Wat wolle sy?**

GEKE hat as doel it befoarderjen fan de leefberens en duorsumens yn Easterein.

**Mar hoe wurket dat dan?**

GEKE is 'wederverkoper' fan stroom en gas fan Energie VanOns. Dit is in enerzjyleveransier dy't oprjochte is troch alle koöperaasjes meiinoar út Fryslan, Grins en Drinte. Energie VanOns keapet stroom en gas regionaal yn en lit de opbringsten fia de koöperaasjes wer werom floeie nei de doarpen. GEKE kriget as wederverkoper € 75,- per oanslúting per jier. Mei dit jild kinne we projekten dwaan om in duorsum doarp te wurden, mar we kinne it ek breder ynsette troch ferienings finansjeel te helpen om sa de leefberens te befoarderjen.

**Wat is it idee?**

GEKE wol yn gearwurking mei de ferienings fan Easterein sjen om safolle mooglik leden te krijen. It idee is dat elke feriening syn leden freget mei stroom en gas oer te stappen nei GEKE. De fergoeding foar de feriening is € 37,50 per oanslúting en € 37,50 euro is foar GEKE dy't dit ynsette sil foar de duorsumens yn Easterein. Dus stappe der 10 leden oer dan krijt SDS € 375,– per jier.
Wy tinke mei GEKE dat dit in prachtige manier is om oan ekstra sinten te kommen foar SDS! SDS is fan doel om dit jild te reservearen foar b.f. in pannakoai of mei de tiid in nije toplaag foar it keunstgersfjild.
Binne jo ynteressearre meldt je dan sa gau as mooglik oan by GEKE oan op de mail fia: **info@geke-easterein.nl en jou oan dat je SDS stypje wolle!**

Binne der fragen, as wolle jimme dat ien fan GEKE del komt om dit fierder ta te ljochtsjen, sjoch dan op de webside fan GEKE (http://www.geke-easterein.nl/) of nim kontakt op mei ien fan de bestjoersleden fan GEKE: Fedde Wiersma, Gerrit Bergsma, Johannes Dijkstra, en Marcel Janssen

# Keeperpraat



**Arnout Meijer is dit seizoen de ‘nije’ keeper fan SDS 2. By de bekerwedstriid fan SDS 1 tsjin DTD 1 mocht hy sels al efkes mei as reservekeeper. Earder hat hy wol by SDS yn de jeugd keept, mar de lêste jierren hawwe wy him net sjoen. Wy fielden him oan de tosk.**

**Wat moai dasto dit seizoen by SDS 2 keepst. Do hast yn de jeugd fansels ek jierren keept, mar wy hawwe dy de lêste jierren net sjoen. Wêr wiest?**
Ik haw altiten yn Wommels wenne, mar nei de jeugd oare dingen dien op sneon. Wurkje wie doe even belangriker en dus derom bin ik nei de A’s stoppe.

**Hoe bist der wer by kommen om de wanten út de wylgen te heljen?**
Op sneons hie ik wer wat mear tiid oer en wie ik geregeld by it earste te sjen. Doe hie ik Kerst al ris oanjûn dat as se noch ien sochten ik miskien wol wer woe. Dat wie nei in bierke yn de kroech dan ek snel regele.

**Hast al wat wedstriden keept by SDS 2? Hoe gie dat?**
Dat gie redelijk. It moat al wer efkes wenne. It is ynmiddels ek al een knap skoft lyn dat ik foar het lêst wedstriiden spile hie.

**Wat binne dyn sterke punten?**
Hege ballen kin ik mei myn lingte it bêste hawwe.

**Hast ek mindere punten?**
Ynskatten fan djipte passes moat der wer efkes yn komme. Dat giet noch net optimaal.

**Fan wa hasto it meast leard as keeper?**
Yn de jeugd hawwe wy in soad traind mei Frans Stap. Dy hat my doe de basisvaardigheden goed bijbrocht.

**Welke keeper is dyn grutte foarbyld?**
Mark Klijnsma van het earste 😉

**Wa moat der no by it Nederlâns alvetal op de goal?**
Ik bin grut foarstanner foar Robin Roefs. Dy docht it wol erg goed op it stuit by Sunderland. Mar Verbruggen docht it ek prima, dus die twa moatte it de kommende jierren mar sjen litte.

**Moat Noppert ek wer by sc Heerenveen op de goal?**

Hy is oer het algemien net de meest stabile faktor fan de seleksje dêr, dus ik leauw dat sy earst Klaverboer mar efkes probearje moatte. As dy fit is fansels.

**Wa fynsto de bêste keeper op de wrâld en wêrom?**
Neuer. Hoe't dy de ferdediging foar him delset en it spultsje wat foar him bard lêst is fantastysk.

**Arnout, tige by tige!**
**Wy winskje dy in machtich seizoen ta en noch folle jierren wille by SDS.**



*Arnout as jeugdtrainer yn 2018*

---

# Mika en Xander by de JO10 fan sc Cambuur



Xander Geertsma

Xander Geertsma en Mika de Jong fan SDS spylje op woansdei 29 oktober tegeare by de JO10 fan sc Cambuur. Sy fuotbalje dan op in toernoai mei sc Cambuur tsjin sc Heerenveen, FC Groningen en Emmen. It toernoai is dit kear yn Hearrefean.



Mika de Jong

# Ut de alde doaze

SDS is fan 1947 en it duorret oant 1983 dat er in earste kantine komt. Mei feriene krêften opboud yn de foarsimmer fan 1983. De klaai boksen stean noch op it selde plak, mar der binne no folle mear. Mear foto's fan doe op ús webside bij https://vv-sds.nl/akkomodaasje-sds/






# Doelpunten 2025-2026

De fjouwer senioarenalvetallen fan SDS hawwe op dit stuit 19 kear skoard en 1 ha se krigen troch in eigen doelpunt. It giet hjir allinne om kompetysjedoelpunten
SDS 3 hat noch net folle punten mar se skoare wol boppe gemiddeld. It is dan ek net frjemd dat de twa topskoarders fan dit momint foar SDS 3 skoarden.
Auke Boomsma, syn earste seizoen bij SDS begjint ek goed dit seizoen.
SDS 1 liket net ôfhinklik te wêzen fan ien doelpuntenmakkers.

| **namme** | **1** | **2** | **3** | **4** | **Totaal** |
|---|---|---|---|---|---|
| Jasper Scholts | | | 3 | | 3 |
| Niels Jansen | | | 3 | | 3 |
| Auke Boomsma | | 2 | | | 2 |
| Hendrik de Jong | | | | 2 | 2 |
| Lourens van der Pol | 1 | | | | 1 |
| Matthijs Postma | 1 | | | | 1 |
| Ate Schaap | 1 | | | | 1 |
| ed Creil-Bant | 1 | | | | 1 |
| Kees Sandstra | | 1 | | | 1 |
| Redmer Wiersma | | 1 | | | 1 |
| Gerben Gerbrandy | | | 1 | | 1 |
| Wiltsje Aardema | | | 1 | | 1 |
| Michael van der Weg | | | 1 | | 1 |
| Feite de Haan | | | | 1 | 1 |
| **Totaal** | **4** | **4** | **9** | **3** | **20** |



Niels Jansen skoorde 2 kear yn ien wedstriid foar SDS 3 tsjin NOK 4 nei earst in heale marathon draafd te hawwen.

# Aginda

| Wannear? | Wat ? |
|---|---|
| 25-oktober | SDS 1 – Heeg 1 |
| 25-oktober | SDS-Oktoberfest |
| 1-novimber | Delfstrahuizen 1 – SDS 1 |
| 8-novimber | SDS 1 – Sleat 1 |
| 15-novimber | Makkum 1 – SDS 1 |
| 18-novimber | Beker: SDS 1 - ……. |
| 22-novimber | SDS 1 – Irnsum 1 |
| 29-novimber | SDS 1 – Tollebeek 1 |
| 6-desimber | Oudehaske 1 – SDS 1 |
| 13-desimber | Ynhel/beker |
| 2-8-jannewaris | SDS JO19-1 yn de foarronde fan it OFK |
| 10-jannewaris | Finales OFK yn Frjentsjer |
| 24-jannewaris | Ynhel/beker |
| 31-jannewaris | QVC 1 – SDS 1 |
| 7-febrewaris | SDS 1 – NOK 1 |
| 14-febrewaris | Waterpoort Boys 1 – SDS 1 |
| 21-febrewaris | Ynhel/beker |
| 28-febrewaris | Ynhel/beker |

---

# SDS-sjaals te keap

Der binne SDS-sjaals te krijen.
Sy koste €12,50 per stik.
Ideaal foar de hjerst en yn de winter, foar oan de muorre of om mei te swaaien by wedstriden fan SDS.
Moai om te jaan op in jierdei of om oan Sinteklaas te freegjen bygelyks.
Se binne tidens it fuotbalseizoen te krijen yn de bestjoerskeamer.






We trekken graag een sprintje om aan uw wensen te voldoen. Uw drukwerk regelen wij vol kracht en overgave. Wij gaan ervoor en hebben er plezier in. Dat is onze kracht. Enthousiasme voedt ons bloed. Van begin tot eind werkt ons team van bevlogen, betrokken toppers aan uw product. Het eindresultaat telt, maar ook de weg ernaar toe. Prestatie vloeit voort uit passie, gedrevenheid en betrokkenheid. Wij denken graag met u mee, want samen komen we verder. Welkom bij Van der Eems.

*grafische groep* **van der eems**

**VANDEREEMS.NL** EASTEREIN / HEERENVEEN